

Provinciale Staten van de Provincie Fryslân
FNP, de heer Sybren Posthumus
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 24 septimber 2019

Ferstjoerd, **26 SEP. 2019**

Ús merkteken : 01696778
Ôfd/Opjefte : Wurkje mei Fryslân
Opsteld troch : M. Brandsma / (06) 51 74 65 64 of m.brandsma@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer TFFG/Hartman

Geachte heer Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 8 augustus jl., beäntwurdzje wy as neikomt.

Fraach 1:

Kloppet it yndied dat de provinsje Fryslân sels € 800.000 oan TFFG liend hat yn jannewaris 2019? Sa nee, hat it dan de FOM of NOM west dy't dy liening ferstrekt hat?

Antwurd fraach 1:

De provinsje Fryslân hat yn jannewaris 2019 gjin liening oan TFFG/Hartman jûn. De liening dy't bedoeld wurdt, hat al in rike histoarje. It giet om jild dat fan it ministearje fan Ekonomyske Saken, Lânbou en Ynnovaasje komt en dêr't ôfspraken oer makke binne tusken de hear Galema en de hear Bleker (by brief fan 10 maart 2011 befêstige). Yn dat brief is befêstige dat der oan de provinsje Fryslân € 4,8 miljoen foar enerzjyprojekten beskikber steld is. Dêrby is oan-jûn dat der oer de besteging fan de middels gjin formele ferantwurding oan it Ministearje fan Ekonomyske Saken, Lânbou en Ynnovaasje ôflein hoecht te wurden

Op 5 febrewaris 2013 hat Hartman Energie B.V. fan boppesteande middels in kredyt-subsydzje fan € 4,8 miljoen krigen troch de wei fan in lieningsoerienkomst. Yn de rin fan 2014 hat Hartman oanjûn dat it projekt noch net útfierd wie en dat der nei in wizige opset socht waard. Op 19 maaie 2015 hat der, op fersyk fan it kolleezje fan Deputearre Steaten, in petear mei de hear A.J. van den Berg west. Yn dat petear binne in tal ôfspraken makke, dy't yn in brief fan 30 juny 2015 oan Hartman Energie B.V. befêstige binne. Dat brief is oan de Steaten oerlein.

Hartman Energie B.V. hat mei de makke ôfspraken ynstimd, en ek mei de restantskuld, in kredytsubsydzje fan € 800.000,-. Oer dy restantskuld moat fan 1 juny 2015 ôf alle moannen rinte betelle wurde tsjin de betingsten lykas neamd yn de lieningsoerienkomst d.d. 5 febrewaris 2013. Hartman Energie B.V. is dwaande de efterstân fan de moanlikse rinte yn te rinnen.

Fraach 2:

Sa ja, hoe is dy liening te rymjen mei antwurden op oanfoljende skriftlike fragen oer de fosfaatwetjouwing oan de FNP-fraksje fan 26 desimber (antwurd 22-01-2019) én mei it fêststelde belied troch de Steaten fan oktober 2018, dat de provinsje yn prinsipe gjin lienings mear jaan wol oan bedriuwen of ynstellings?

Antwurd fraach 2:

Net fan tapassing. Is belied fan foar fêststelde belied troch de Steaten fan oktober 2018. De lieningsoerienkomst d.d. 5 febrewaris 2013 en de makke ôfspraken binne yn in brief oan Hartman Energie B.V. befêstige. Troch in DG-brief d.d. 30 juny 2015 (01227182) is dat nei de klant ta befêstige. By it oernimmen troch de TFFG, juny 2017, is Hartman Energie B.V. en dêrmei de lieningsôfspraken oergien.

Fraach 3:

Neffens ús ynformaasje binne de Steaten fan Fryslân net ynformearre oer boppesteande liening yn it brief fan 14 maaie 2019 'Brief DS voortgang Waddenglas'. Kloppet dat? Binne PS al op in oare wize ynformearre oer it jaan fan de liening?

Antwurd fraach 3:

PS is by brief fan 30 juny 2017 ynformearre oer it oernimmen fan Hartman troch TFFG en de ôfspraken oer it ôfnimmen fan grûn tusken Waddenglas en TFFG. Dêryn is de oanbelangjende liening oergien.

Fraach 4:

As it kloppet dat in liening fan € 800.000,- troch de provinsje Fryslân jûn is, watfoar rjochtfeardiging sit dêr efter mei it each op de grutte finansjele tebeksetters fan miljoenen euro's dy't der al wienen mei it projekt "Waddenglas"?

Antwurd fraach 4:

Lykas oanjûn is it gjin nije finansiering. Yn Waddenglas wurkje Provinsje, gemeente Waadhoeke en it Ryk gear oan de fierdere ûntwikkeling fan glêstúnbou by Seisbierrum. By brief fan 31 oktober 2018 hawwe wy jimme Steaten ynformearre oer de beslissing fan The Fruit Farm Group (TFFG) om foarearst gjin grûn yn Waddenglas ôf te nimmen. By brief fan 14 maaie II. (01636391) is PS ynformearre oer de fuortgong oangeande it projekt Waddenglas.

Fraach 5:

Neffens in berjocht yn it Friesch Dagblad fan hjoed (5 augustus) soenen de finansiers ôfrûne freed (2 augustus) byinoar west hawwe om oer de ûntstiene situaasje te praten. Hat in delegaasje fan de provinsje Fryslân ek by dat petear west, mei it each op har belangen (de liening fan € 800.000)? Sa ja, wat wie de ynstek/ynset fan de provinsje?

Antwurd fraach 5:

*It neamde oerlis fan 2 augustus wie de provinsje gjin party en wie dêrom net útnûge. De provinsje sit net yn de AC Hartman B.V. (it feitlike túndersbedriuw), mar yn de 100% dochter-
bv Hartman Energie B.V. Der binne petearen tusken Hartman Energie B.V. en provinsje oer
it neikommen fan de ôfspraken, dy't yn de lieningsoerienkomst en oanfoljende DG-brief 2015
steane oer de noch restearjende liening fan € 800.000,-.*

Fraach 6:

*Neffens it berjocht yn de krante driget sluting mar binne noch tsientallen minsken foar
Hartman/TFFG oan it wurk. Wat kin it Kolleezje foar de wurkgelegenheid fan dy minsken
dwaan?*

Antwurd fraach 6:

De ferwachting is dat de minsken dêr gewoan oan 't wurk bliuwe kinne.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris